



## **Notulen Algemeine Ledefergadering 2021 op 4-11-21 (troch siktaris Jochum Rypma)**

Op dizze 2de gearsit fan Meïinoar Grien, bûten it folsleine bestjoer, in opkomst fan 7 leden, te witten Cobi, Evert (fan Ljouwert), Henk, Jules (fan Wurдум), Rutger, Theo (fan Ljouwert) en Watze. As gast enerzjycoach Klaas Hofman.

De notulen fan de foarige sit en it jierferslach binne goedkard mei de opm. fan Watze dat hy sa te sprekken wie oer it brûkte Frysk. It finansjeel ferslach fan Ytsje mei help fan beropsman Watze krige ek de bekoaring fan de oanwêzigen.

Fjirder koe de kaskommisje fan Watze en Henk gjin ûnregelmaticheden fine en dêrmei krige ponghâldster desjarzje mei de opmerking fan Henk dat hy fanwege de sinnestroomrelatearde termen d'r dreech oer oardielje koe. Lykwols docht hy it oer 2021 noch in kear en dan mei Jules.

De ledeadministaasje is dan trouwens yn professionele hânnen fan Buurkracht/ Ecoop.

De fergadering is akkoard mei it krewearjen fan MGR om te ûndersykjen of wy út de fuotten kinne mei it eksploatearen fan in sinnedak yn Hilaard (Pietie Faber, Aylvaneane 9). It giet dan om in projekt fan 265 panielen (100 mear as Sinnewiel) mei in ynfestearing fan €80.000,-. Hjirfan moat €27.500 troch minimaal 20 partisipanten út de Postkoaderoas om Hilaard hinne opbrocht wurde. De rest fan it bedrach kin tjin 3 ½% lient wurde by it Fûns foar Fryske Skjinne Enerzjy. De partisipaasjes hawwe in wearde fan €100,-. De partisipanten wurde ferplichte lid fan MGR.

Wy krije 15 jier lang in subsydzje fan € 0,146/kWh en de stroom wurdt levere oan Enerzjy VanOns. Mocht de subsydzje net opbrûkt wurde dan komt d'r noch in jier efteroan. Mocht it saneamde SCE-projekt konkreter wurde, dan sille wy wer mandaat freegje fan de leden.

It bestjoer hat mandaat krigen fan de leden om sûnder earst te freegjen maksimaal €500,- oan doarpsaktiviteiten te stypjen. It mei lykwols net mear wêze as 50% fan it jierresultaat.

D'r is wat betizing oer miljeuskeaferskering by rûnflleanende panieldielsjes troch brân. Moat neier útsocht wurde.

Ponghâldster Ytsje en bestjoerslid Jellie binne mei in protte égarde troch de foarsitster útswaait en krigen foar harren 3-jierrich krewearjen in duorsum itenspakket oanbean. Tagelyk wurde Frouke Rullmann en Meine Dijkstra ynsward troch de fergadering.

Klaas Hofman presentearde in wetterfal oan tips om sa min mooglik enerzjy te ferliezen en kosten te besparjen.

Ik neam hjir allinnich mar in hiel lytse fraksje fan wat hy ús dieleftich makke hat  
Ik hoopje dat jim it oanfulle of korrizjeare kinne, sadat wy mear yn de buert komme fan it folsleine ferhaal.

D'r komt by de oansteande ôfskaffing fan de saldearing belesting op de weromlevering. It is dus by sinnestroomopwekking dus saak om oerdeis enerzjy te ferbrûken.

Allinnich mar LED-lampen. Lumen stiet foar de ljochtkrêft en Kelvin foar de kleurwaarmte.

Hoe heger Kelvin, hoe kâlder wy it ljocht erfare neffens Wikipedia.

Mei ynfraread lampen kin je de cv aardich wat leger sette. Dat jildt fansels ek by dûbel-of triple glês, by flierisolaasje en ferwaarming en muorre-isolaasje.

It skeelt ek as jo it wetter stadich troch de ynstallaasje streame litte.

De enerzjycoach kin by minima om neat ynroppen wurde fia de gemeente.

Elts doarp en eltse wyk moat 1-1-22 in enerzjyfisy hawwe. D'r is bûten Enerzjy Van Ons hast gjin inkele lytse leveransier dy't selfstandich is. Greenchoice is bg in ûnderdiel fan Eneco.

Jochum Rypma